

Nasjonale Boekewike

fan 16 o/m 24
maart 2024

Fergees: de Fryske oersetting fan it nasjonale Boekewikegeskink!


It tema fan de 89e nasjonale Boekewike is 'Bij ons in de familie' en dêrom is de famylje Chabot frege om dit jier it nasjonale Boekewikegeskink te skriuwen. De Fryske oersetting mei de titel 'Gesinsferpakking' is makke troch Ytsje Steen.

Bart en Sebastiaan Chabot oer de Fryske oersetting: "Wat ik prâchtig vind oan de Friese versie, is dat 'Hond Brill' 'Hûn Brill' is. Wat mij betreft is het van nu af aan Hûn Brill, zowel in het Fries als in het Nederlands! En het Friese 'memmestippen' voor het Nederlandse 'mamastippen'!"

Sjoch op de webside fan Boeken fan Fryslân foar mear ynformaasje oer projekten en aktiviteiten fan Boeken fan Fryslân: www.boekenfanfryslan.frl

'Gesinsferpakking' De Chabotten Ytsje Steen-Buwalda

De Chabotten – fjouwer broers, twa âlders en in hûn. Alle sân ferhelje se yn Gesinsferpakking oer harren famyljebestean. De stimmen fan de Chabotten kontrastearje, rane gear, bewûnderje, fer-suchtsje, sjonge en blaffe. En falle soms stil.



Fergees!

By oanskaf fan € 15,- oan boeken by jo boekhannel krije jo it Boekewikegeskink – yn it Nederlânsk of yn it Frysk – der fergees by.

Sutelje mei Fryske boeken!


De Sutelaksje is in leechdrompelige promoasje-aksje foar it Fryske boek, dy't organisearre wurdt yn gearwurking mei pleatslike klups en ferieningen. Fryske boeken wurde oan 'e man brocht en de ferieningen hâlde dêr in moaie bûssint oan oer.

Sjoch foar mear ynformaasje en oanmelden op www.sutelaksje.frl

Hoe wurket it?

Jou jim feriening op fia sutelaksje.frl. Dêrnei planne wy yn oerlis in sutel-datum. De feriening soarget foar sutelers en kroaden, wy leverje fergees folder-materiaal en soargje foar de boeken. En nei it suteljen wurdt 25% fan wat der oan boeken ferkocht is yn de klupkas stoart.

 **Sutelaksje**



Dwarsliggers in Appelscha

Marianne Kootstra

€ 29,95

NIJ

In dit rijk met foto's geïllustreerde boek schetst Marianne Kootstra in veertig verhalen 100 jaar geschiedenis van vijf generaties Friezen in het 'rode' veendorp Appelscha. Herinneringen uit haar jeugd, afgewisseld met familieverhalen en anekdotes over dwarse mensen uit de generaties voor haar.




Friezinne om utens

Pia van Rees

€ 19,95

NIJ

Friezinne om utens is de twadde ferhalebondel fan de nei Kanada emigrearre Pia van Rees. Skreau se yn har earste boek oer de sykte en it ferstjerren fan har mem yn Fryslân, diskear falt it ljocht op it deistich libben fan har húshâlding yn Kanada en de ferskillen mei Nederlân, en komt de fraach oan 'e oarder: bliuwe, of dochs leaver werom nei it heitelân?



Winterwetter

Lex Paleaux

€ 19,90

NIJ

Winterwetter is it romandebút fan de Haarlimske skriuwer fan Frysk komôf Lex Paleaux. Ein tweintichste iuw groeit Lex op yn de Trynwâlden. In sêfte, kreative jonge yn in kristlik gesin mei in Frânske heit en in Fryske mem. In iepen jonge, dy't knoeid wurdt yn syn gevoelheid en syn aaklike geheimen net diele kin. Winterwetter is in fiktive roman, basearre op wiere feiten.



Bloedprikke


Abe de Vries

€ 17,50

NIJ

Bloedprikke is alwer de 11e dichtbondel fan Abe de Vries en yn dizze bondel binne bloedprikke en poëzij skriuwe synonymen: beide kearen giet it om in pynlik útsykjen fan jins ferhâlding ta de wrâld.

"Wat in taalmacht, wat in rykdom, wat in gefoel!" skreau emearitus-heellearaar Fryske taal en letterkunde Goffe Jensma oer 'Bloedprikke'.



Bistespul

George Orwell

€ 17,50

NIJ

Nei de dea fan Ald Majoar, de baarch dy't harren lieder wie, nimme de bisten de macht oer op de Hearkespleats. Se dope it boerehiem om ta: It Bistespul. It eksperimint begjint! Kinne de bisten it sels roaie op de pleats? It duorret net lang ear't har de earste skuorkes yn de idyllske bistekommune har fertoane...



Gozert

Pieter Koolwijk

€ 16,99

NIJ

Ties hat in probleem. Teminsten... dat fine de measte minsken. Ties fynt dat net: hy hat in freon. Gozert. De bêste, leukste, stoerste, coolste freon dy'tst dy foarstelle kinst. Allinne is Ties de iennige dy't Gozert sjocht en heart. En de plannen fan Gozert binne sa fantastysk dat Ties dêrtroch yn 'e swierrichheden rekket...



De ufo's van Gorredijk

Taede A. Smedes

€ 19,90

NIJ

In febrewari 1974 raakte het Friese dorpje Gorredijk in de ban van ufo's – ongeïdentificeerde vliegende objecten. Niet alleen volwassenen, maar ook veel schoolkinderen zagen vreemde lichten in de lucht. Er werden observatieposten opgericht en de ufo-golf werd landelijk nieuws. In dit journalistieke boek blikt de auteur, samen met de ooggetuigen van toen, terug op de opmerkelijke gebeurtenissen.



Sirkelgong de see

Jaap de Jong

€ 19,50

NIJ

Hoe kin in fytstocht bylâns de waadkust útrinne op in djipgeande belangstelling foar it rûndraaien fan it boeddhistyske libbensstijl? Wat hawwe hasj op 'e boaiem fan de Noardsee, de Magic Bus en drinkelingen yn de Yndyske Oseaan mei elkoar te krijen? Wêrom huzet de ien op it noardlik healrûn noch feilich efter dún en seekearing en wâdet de oar op it súdlik healrûn oer dridzige dykjes?



De lêste oerstek

Brian McGilloway

€ 23,50

NIJ

Tony, Hugh en Karen tochten dat se inoar tritich jier lyn foar it lêst sjoen hienen. In heal libben is foarbygien en oantinkens binne begroeven en fuortstoppe. Mar wannear't harren frege wurdt dochs wer gear te wurkjen – om geasten te beierdzjen en de takomst feilich te stellen – hawwe sy allegearre in eigen reden om mei te dwaan.

'In djipsinnich, oandwaanlik en moreel kompleks boek' – Irish Times



It libben fan Fimme Lap

Piter Boersma

€ 25,00

NIJ

Om syn fiifentachtichste hinne komt Fimme Lap yn 'e kunde mei in Dútske keunstner. Nêst hellingman en frijетиidsfisker wurdt er dan ek skilder. Dat it skilderjen him sa yn 'e besnijning krijt, hat lykwols syn wjerlach op syn frou Tetsje. It hat gefolgen foar Fimme syn libben mei har en Tetsje set ek in stap. It libben fan Fimme Lap is Piter Boersma syn tolfde proazawurk. Dêrnêst publisearre er tsien dichtbondels. Yn 1998 waard him foar syn roman It libben sels de Gysbert Japicx-priis takend.